



Kornelia stiet by de fytswinkel.  
 Se wiist nei in giel karke.  
 Oan it karke sit in stange.  
 En oer it karke sit in dakje.  
 'Ik wol sa'n fytskarke keapje,' seit se.  
 De fytsmakker set it karke oan har fyts.  
 'Ynstappe, wy geane nei it strân!' ropt Kornelia.  
 Tomke en Romke sitte yn it karke.  
 Se helje earst de swimbroek op.  
 En handoeken en wat lekkers.  
 En it ammerke en skepke fan Tomke.  
 Dêr is Yana Yu.  
 'Fan wa is dat karke?' freget se.  
 'Fan Kornelia,' seit Romke.  
 'Wy sille nei it strân. Wolst ek mei?'  
 Dat wol Yana Yu wol.  
 Se hellet ek gau de swimklean op.  
 Tomke, Romke en Yana Yu klimme yn it karke.  
 Kornelia stapt op 'e fyts.  
 Kornelia trapet en trapet. Wol trije kilometer!  
 En dan binne se by it strân en de see.  
 Tomke en Yana Yu drave nei it wetter.  
 'Wy bouwe in kastiel fan sân!' ropt Tomke.  
 Romke graaft in hiel djip gat.  
 Yana Yu goait der wetter út 'e see yn.  
 Yn de fierte komt in grutte grize wolk oan.  
 Kornelia hat neat yn 'e gaten.  
 Ynienen giet it fan spat, spat, spatterdespat.  
 'O, it reint!' ropt Tomke.  
 'Myn bûkje wurdt wiet!'  
 'Hast ek in paraplu, Kornelia?' freget Yana Yu.  
 Mar Kornelia hat gjin paraplu.  
 Ynienen krijt Kornelia in idee.  
 'Kom op, jonges. Drave nei it karke!'

It begjint hurder te reinen.  
 Se wolle tagelyk yn it karke krûpe.  
 'Earst Yana Yu, dan Tomke en dan Romke,' seit Kornelia.  
 'En do dan, Kornelia?' freget Romke.  
 'Do kinst der net mear by. It karke is te lyts.'  
 'Ik bin net bang foar de rein,' seit Kornelia.  
 'Allinne myn moaie sinneklep mei net wiet wurde.  
 Sko in bytsje yn elkoar.'  
 Kornelia stekt de holle ûnder it dak fan it karke.  
 Tik, tik, docht de rein op har rêch.  
 Tik, tik, tik, op har sturt en poatsjes.  
 Mar har holle en sinneklep bliuwe lekker droech!  
 En dan... hâldt it op fan reinen.  
 Kornelia stapt op 'e fyts.  
 'Pas op, ik fyts no hiel hurd!' ropt se.  
 'Dan binne myn rêch, myn sturt en myn poatsjes samar wer droech!'

